

## Foar in ûnleauwige

Ik sil de stêd foar dy fervje  
En op 'e muorren skriuwe

Ik sil de stêd foar dy fervje  
En op 'e diken skriuwe

Ik sil de auto's freegje  
Dat se remje  
En oan de minsken  
Dat se hoi tsjin dy sizze

Dan belje ik it gemeentehûs  
Dat de boargemaster  
By dy del komt  
Mei in amerke  
mei lintsjes  
En hy seit  
Do krijst fan my  
Acht wike frij  
En ekstra fakânsjeild

En dan sil ik ek nei it postkantoar  
Dat sy folderkes rûnbringe  
Hûs oan hûs  
En dat de postrinner  
By dy oanbellet  
Dat er seit  
Heu leave skat  
Ik bin wiis mei dy  
Wy allegear